

Dankwurd, útrikking Gysbert Japicxpriis 2019 Martinitsjerke Boalsert, 16 novimber

De Gysbert Japicxpriis my takend troch de provinsje Fryslân. Dankber? Ja. Bliid? Ja. Grutsk? Ja, mar inkeld op it benutsjen fan de kânsen dy't my tafallen binne: de petearen dy't ik mei oaren, jimme, hie, har animearjen en de ideeën dy't se hienen, my mei it útdagen en bekritisearren en my twongen ta moed om de striid oan te gean. Alle reden om bliid en tankber te wêzen.

Ik jou ta dat it feit dat ik dit tankwurd yn de Boalserter Martinitsjerke sizze mei, my goeddocht.

De tsjerke dus dy't noch wit fan de tiid dat elk noch Rooms wie, it goed die en minstens sa bedoelde, mar dochs op 'e doele rekke. It dus in saak waard fan kieze of diele....

Dat de hilligen skeind binne, oansein is har heil ergens oars te sykjen, mei gjin probleem wêze, want wêrom soe har geast yn dizze wijde romte dêr net op wjukken gien wêze en bliuwe. Dus wêrom soe op dagen as dizze de âlde Martini net in bytsje fan ús allegearre wêze meie.

Fansels fielde ik my belutsen by de tsjerke yn de drôve middei doe't yn 'e oarloch de besetter de klokken út 'e toer helle, nedich foar wapens foar de doe al hast ferlerne striid.

Yn in grutte kring stienen wy dêr, boargers fan de stêd, hoeders fan ús klokken. Oeren. Dy middei wie it de tsjerke fan ús allegear Net ien dy't in wurd sei. Gjin fûgel te hearren.

Allinnich it rauwe roppen fan in stik mannich soldaten fan ûnder nei boppe ferskuorde de stilte.

Letter wist ik dat wy, sa as wy der stienen, opnommen yn dy stilte, de winners wienen en sy de ferliezers. En dat elk dat wist, wy en sy.

Alle Boalserterers dy't dêr dy middei stienen, sille har dat wer te binnen bringe kinne en har gedachten hawwe.

Ik hie ek as bern al alle reden om dankber te wêzen... Nettsjinstearde de krisisjierren wie it libben dan wol sober, mar ek freonlik en ljocht; de duvel bestie net, net alles wie wier, mar it measte fansels al, en soms wie it handich om je mar oan te passen... Ék al wie it faak ûnsin, sei ús mem.

Nei de oarloch bin ik fan it Boalseter famke dat der by hearde, diel wie fan 'e mienskip, in boarger wurden dy't bûtensteander waard. Ik troude mei in man dy't my learde wat frijheid wie en my yn elke stoarm oerein hâlde.

Stribje nei frijheid: in noedlik stribjen dat útsein gelok ek gemis opsmiet, ûnbegrip fan myn kant, ôfstân fan twa kanten en dus syn útfallen hie. It wienen ús bern dy't mei kommentaar en nofterens ús ús gong gear lieten. Lykas ús freonen, mei har krityk en stipe. En de wille en ienridigens dy't alles ek wer relativearre. Bern en freonen wienen kostber yn dy jierren en binne dat bleaun. Of wurden.

Healwei de jierren 90, doe't it lije koe dat ik gjin tunen mear makke en wat oars fersinne koe, naam ik 4 jûnen de bus nei Ljouwer en it FLMD om mei Tsjebbe Hettinga yn 'e kunde te komme. Gasthear Teake Oppewal stelde my foar om in gedicht, dat ik doe makke hie, nei Hjir op te stjoeren. Foar Jelma Knol reden om my achter de kompjûter te stjoeren: se woenen wol mear.

Net folle letter bea Goasse Brouwer fan Frysk en Frij oan wat fan my út te jaan. It waard in 'Balladeske', it iennige passende wurd neffens Goasse. De earste resinsint fan 'De stêd, it bist, de ingel' hie by it lêzen noch even oan Baudelaire tocht, al wie it daliks dúdlik dat it fansels wol by dy iene gedachte bliuwe moast. Gjin ferbylding. Goasse hat dêrnei noch in rychje boeken fan my útjûn, û.o. 'Lytse roman fan Jon Fels' syn freonskip mei in pedofile man, 'Untdekking fan de wrâld' en 'De Sneinen', wêr't ik him tankber foar bin.

Lykas Ger de Wal dy't der mei de Blaue Toer foar soarge my oan it skriuwen te krijen fan har earste toanielstik, en mei súkses trochsette doe't dat troch myn ûnkunde drige te mislearjen, sadat de Balladeske, "De stêd, it bist, de ingel", dochs op 'e planken kaam en ferfolgen krigen hat yn, ûnderoaren, "Spegelbylden" en "Loftkastielen" en wa wit aanst ek noch mei, "Freya."

En Hoite Pruiksma, wy beide bliid mei it lykop tinken tusken ús. Syn 'Sykje' dêr't ik earst net oan woe: 'Hommaazje' te folle ear en sa, mar no't dêr't safolle minsken oprjocht fan genoaten ha, is it mar goed dat ik de kop op it blok lei en dat der sels al oan in ferfolch tocht wurdt. En

tagelyk it eardere plan om it oratoarium, 'It lân achter it each fan de nulle', ta in moai ein te bringen, wer even oplibbet .

Nei twa films fan Omrop Fryslân: Ien oer in betsjoenende nacht op Flylan en de film fan Dok Fryslân 'Skrinende ferealens' dêr't ik Bart Kingma hiel tankber foar bin, om de film op himsels, in ûntroerend keunstwurk, mar foaral ek om it geskink dat er in gehandikapte biedt om har mei har lot te fersoenen en tankber te wêzen mei alles wat noch wol mooglik is.

It ynfarkt hat my der ta brocht de klokken te fersetten, de dea fan dichtby te besjen, in nije ferhâlding te sykjen mei de Ivige en mysels, mar wyls wol skriuwe, skriuwe. Dat dat noch even trochgean mei. Wat dat in treast jaan sil.

Ik mis myn hûs, myn tún en myn fûgels, mar it Menniste Skil hat in doar nei bûten en in waarme keamer binnen. En bern, en dan foaral Obe dy't alle dagen wol even komt om te sjen hoe it lân der hinne leit, freonen, nije, en, as altyd hiel bliid dermei: de âlde, dy't my faker heard ha, my ta sprekke en my te plak hâlde.

It Mennisteskil traktearre it hiele hûs op taart doe't ien fan har bewenners de Gysbert Japicxpriis krige, it dus feest wie. Yn it Menniste Skil binne se ree foar oerlis, geane de gastfrouen woldwaande om, fersoarchje se ús iten, hâlde in praatsje. De famkes, de froulju, fan de soarch 'Kin ik noch wat foar jo dwaan?' freegje wat der hjoed op it programma stiet en tinke mei oer de wrâld dêr't nochal wat oan ferbettere wurde kin en sizze ús alle jûnen goenacht. Sa no en dan sjong ik mei in moslimfamke hjir, de twa lieten dy't wy beide kinne: Stille Nacht en Berend Botje. Dit om myn stim wat op peil te hâlden. It Mennste Skil wit net wat it heart.

Achter yn dizze tsjerke leit myn krekt by de Afuk útkommen boek, ferhalen mei de titel 'Tsjûgen fan de Macht' dat neffens Ernst Bruinsma, oars as miskien ferwachte, ljochtfuottich bleaun is. De tarieding fan 'De Tsjûgen' hat ús lykas 'De Achttjin' en 'Anna' neist serieuze petearen ek wille jûn. Gelok dus. En dank.

Dan dus op 25 septimber komt mefrou Poepjes yn keamer 23 mei blommen en gefolch melden dat Deputearre Steaten it ústel fan de advyskommisje om my foar myn hiele oeuvre de Gysbert Japicxpriis 2019 te jaan. No't Deputearre Steaten oan it fersyk foldien hat, tank ik

har hjoed en freegje mefrou Poepjes har myn hertlike tank oer te bringen.

Fansels bin ik de advyskommisje mei har juryrapport hiel tankber. Uteinlik hat sy it wurk dien, wat foar my ta it lokkige oardiel laat hat. Mefrou Houkje Rijpstra, mefrou Grytsje Schaaf en de hear Atte Jongstra, ik hoopje dat de opdracht om út it wurk fan fiif nominearren, allegear goed, net al te dreech fallen is, de iene te kiezen dy't om redenen dy't sy kenne, jim kenne, hjoed de Gysbert Japicxpriis krigen hat. Ik winksje Hein Jaap Hilarides, Elske Schotanus, Nyk de Vries en Ale S. van Zandbergen ynspiraasje om fierder te gean en noch jierren om har lêzers temjitte te kommen.

Ik bin ek bliid dat mefrou Stella fan Gent, wethâlder fan Kultuer fan Súd-West Fryslân, de Martinitsjerke yn Boalsert beskikber steld hat om it feest yn styl te fieren.

En fansels tankje ik Tresoar foar it ferstjoeren fan de útnoegings. Dankber? Ja. Bliid? Ek. .

Aggie van der Meer, 16 novimber 2019